

Ferwurkersregister AVG

Beskriuwing fan de gegevensferwurking yn ferbân mei de “Algemene Verordening Gegevensbescherming”

Basisgegevens

Namme ferwurking Registraasje bestjoersleden en projekten

Ferantwurdlike(n) Douwe Kalma Stifting (hjrnei: de stifting)

Tal belutsenen Maksimaal 200

Hokker gegevens fan wa wurde ferwurke, en wêrfoar wurde dy gegevens sammele?

Soart gegevens Gegevens bestjoersleden, âld-bestjoersleden en frijwilligers: foarnamme, efternamme, adres, wenplak, bertedatum, berteplak, e-mailadres, tillefoannûmer, bankrekkennûmer

Sammeldoel It hawwen fan in kontaktlist fan bestjoersleden, âld-bestjoersleden en frijwilligers, ynskriuwing KfK.

Belutsene(n) Bestjoersleden, âld-bestjoersleden en frijwilligers

Soarte fan gegevens Gegevens kontaktpersoan organisaasjes dy't stipe oanfreegje by de stifting: foarnamme, efternamme, adres, festigingsplak, e-mailadres, tillefoannûmer, bankrekkennûmer fan organisaasje.

Sammeldoel It beoardieljen fan de oanfraach en oermeitsjen fan it subsidyjebedrach en it folgjen en hifkjen fan de projekten dy't troch de stifting stipe wurde

Belutsene(n) Kontaktpersoanen fan organisaasjes dy't subsidyje freegje fan de stifting

Wat bart der mei de gegevens?

Doel(en) fan ferwurking

De gegevens wurde brûkt foar de folgjende doelen:

- It byhâlden fan in list fan bestjoersleden, âld-bestjoersleden en frijwilligers;
- It byhâlden fan in list fan kontaktpersoanen fan organisaasjes dy't subsidyje freegje fan de Douwe Kalma Stifting;

Proses(sen) van gegevensferwurking

De neifolgjende prosessen binne der foar de ferwurking fan (persoans)gegevens.

Behear belanghawwende-administraasje

1. In nije belanghawwende meldt him oan by de Douwe Kalma Stifting fia de e-mail of skriftlik en jout dêrby NAW-gegevens troch.
2. De melding komt binnen by de skriuwer. De skriuwer set de melding yn in excel-bestân.

3. De gegevens fan de belanghawwende wurde opnaam yn in excel-bestân. It bestân wurdt beheard troch de skriuwer en stiet allinnich op de kompjûter fan de skriuwer. De kompjûter is befeilige mei in wachtwoord.
4. As in belanghawwende dat oanjout, dan wurdt hy of sy fuortendaliks út de list helle. Fan de list wurdt regelmjittich in back up makke. De belanghawwenden wurde net skrast yn de back up, om 't dy fierder net brûkt wurdt. Datselde jildt foar de bankôfskriften (nammen en bankrekkennûmers), dy't tidens de wetlike terminen bewarre bliuwe yn it argyf en net iepenbier binne.

Ferstjoeren fan berjochten

1. As der digitale berjochten ferstjoerd wurde, fia de e-mail, oan gruttere groepen minsken, dan wurde de adressen yn de bcc set, útsein as it giet om in berjocht oan de bestjoersleden allinnich.
2. De skriuwer makket foar it ferstjoeren fan brieven oan grutte groepen stikkerfellen foar de keferden.
3. De stikkerfellen wurde troch de skriuwer op de keferden plakt en oanbean by PostNL.

Adresfeiten bestjoerders en frijwilligers

1. Der wurdt in list byhâlden, dêr't de bestjoersleden, âld-bestjoersleden en frijwilligers yn steane. Dy list wurdt bywurke as der oanlieding ta is en dan omstjoerd nei alle bestjoersleden en frijwilligers. De bestjoerders wurde registrearre by de Keamer fan Keaphannel.

Organisaasjes dy't subsydzje freegje en/of krije fan de stifting

1. In organisaasje meldt him by de Douwe Kalma Stifting troch it yntsjinjen fan in projektoanfraach, per post of fia de e-mail. Dêrby wurdt frege om de NAW-gegevens fan de organisaasje en kontaktgegevens, ynklusyf de namme fan in kontaktpersoan.
2. De oanfraach komt binnen by de skriuwer. De oanfraach wurdt dield mei it bestjoer fan de stifting.
3. De gegevens fan suksesfolle projekten en de subsydzje kinne iepenbier makke wurde op 'e side fan 'e Douwe Kalma Stifting. Dêrby wurde lykwols gjin persoanlike gegevens iepenbier makke.
4. De skriuwer fiert in administraasje fan 'e projekten, mooglik bystien troch in troch it bestjoer oanstelde frijwilliger.

Datalekken

1. As der in fertinking is dat der persoansgegevens lekt binne, dan wurdt dat fuortendaliks melden oan it bestjoer.
2. Der is in datalek as persoansgegevens yn hannen falle fan treden, dy't gjin tagong ta dy gegevens hawwe soene meie. In datalek komt troch in befeiligingsprobleem. Meastentiids giet it dan om útlekte kompjûterbestannen of it weiwurden c.q. stellen fan listen mei gegevens. It kin ek gean om cyberoanfallen, ferkeard ferstjoerde e-mails, stellene kompjûters of weitôge USB-sticks.
3. It bestjoer beslút sa gau as mooglik hoe't der mei de sitewaasje omgien wurde moat.

Gegevens wurde ferwurke troch:

- De skriuwer fan de stifting
- De ponghâlder fan de stifting

Gegevens wurde levere oan:

- Bestjoersleden;
- Keamer fan Keaphannel (yn it gefal fan gegevens fan bestjoerders);
- Evt. in frijwilliger dy't it byhâlden fan de administraasje fan de projekten foar syn of har rekken nimt;
- Gegevens wurde net levere oan treden sûnder tastimming foarôf fan 'e oanbelangjende persoan of organisaasje.

Trochjaan bûten EU

Trochjaan? Nee

Wa is (binne) de ferantwurdlike(n) foar de ferwurking?

Adres ferantwurdlike(n)

Namme Douwe Kalma Stifting
Fêstigingsadres Gemeente Ljouwert
Postadres Master Fopmawei 7, 9023 AJ Jorwert